
SKRIFTLIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)

Fan : *Sicco Rypma, FNP*

Datum fan yntsjinjen : 5 maart 2021

Oan (*kar*) : It kolleezje fan boargemaster en wethâlders

Underwerp : Deltaplan voor het Noorden

Wize fan beântwurding : Skriftlik (freonlik fersyk binnen 22 dagen y.f.m. behandeling yn Provinsjale Steaten)

Datum tuskentiids antwurd :
(*as it fan tapassing is*) :

Datum beântwurding : 24-3-2021

Oanlieding:

Yn de Twadde Keamer is in CDA-moasje Mustafa Amhaouch oannommen dy't freget om in *Deltaplan voor het Noorden* dêr't saken lykas Lelyline en de wentebou-opjefte byinoar brocht wurde. Sjoch <https://www.tweedekamer.nl/kamerstukken/moties/detail?id=2020Z24121&did=2020D50730>

It regear is frege foar 1 maaie 2021 (de kontoeren fan) sa'n plan te leverjen. De fjouwer provinsjes (Flevolân, Fryslân, Grinslân en Drinte) en de gemeenten meie no boustiennen leverje. Soks bart ornaris earst fia de amtlik/bestjoerlike line. De FNP-fraksje hat hjir in tal fragen oer. Sawol oer it proses as de demokratyske legitimiteit.

It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fragen te beântwurdzjen:

- | | |
|----|--|
| 1. | <p>Oerlis</p> <p>a. Is der út de provinsje of in oare oerheid wei oan ús gemeente frege om ynput te leverjen oan it saneamde Deltaplan voor het Noorden?</p> <p>b. Hat der oerlis plakfûn tusken it kolleezje en oare oerheden? At dat sa is, hokker oerheden hawwe dat dan west? En wannear hawwe dy oerlizzen plakfûn en, of sille dizze oerlizzen plakfine? Kinne jo ek oanjaan hokker partijen by dit oerlis sitten ha, of foar dit oerlis ûtnûge binne?</p> <p>c. Binne der út de Provinsje Fryslân of in oare oerheid wei konkrete fragen steld oan de gemeente? Hokker fragen hawwe dat dan west? En watfoar antwurden hat ús kolleezje dêrop formulearre?</p> |
| | <p>Antwurd:</p> <p>De provinsje hat frege om ynput oan te leverjen foar de ûntwikkelingen oangeande de Lelyline en it Deltaplan Noard-Nederlân. Wy binne hieltyd wer mei de provinsje yn petear oer dy ûntwikkelingen, dy't noch yn in ier stadium sitte. De belutsenheid fan 'e ried is belangryk.</p> <p>De provinsje hat ús op 19 febrewaris dizze ferkennende fragen steld:</p> <p>a. Hokker kânsen sjogge jo by de komst fan 'e Lelyline foar Noard-Nederlân en spesifyk foar Fryslân?</p> <p>b. Wat kin/wol jo gemeente bydrage oan 'e komst fan 'e Lelyline? Bygelyks oan it duorsum fertsjinmodel fan Nederlân of yn natuera of finansjeel, of op in oare wize.</p> <p>c. Hoe wurdt de oantreklikheid fan jo gemeente fergrutte (brede wolfear) en wat betsjut dat foar jo gemeente? Ek kwa (type) ynwenners en bedriuwen.</p> <p>d. Fine jo dat by de komst fan 'e Lelyline ek de ûntwikkeling fan de stedske kwaliteit heart? Sa ja, binne jo ree om dy stedske kwaliteit yn jo gemeente te ûntwikkeljen? Sa ja, hoe?</p> |

	<p>e. Wêr moatte wy by de komst fan 'e Lelyline op foarhân rekken mei hâlde? Bygelyks by it lânskip, de natuer, it klimaat of de ynfrastruktuer.</p> <p>Wy hawwe dy fragen op haadlinen mûnling beäntwurde, om't in soad fragen oer foegen geane dy't de ried oangeane, dêr't wy as kolleezje net op foarútrinne wolle. De reaksjetiid wie te koart om de ried der op in goede wize by te belûken. De belutsenheid fan 'e ried is belangryk om't de fragen geane oer hoe't wy ús gemeente trochûntwikkelje wolle. Der is yn 'e takomst noch genôch romte om de fragen te beäntwurdzjen. Pas nei't it regear de kontoeren mei it Deltaplan, yn relaasje ta de Lelyline, mei de Twadde Keamer bepraat hat, komt der in stúdzje oer de mooglike effekten fan 'e oanlis fan 'e Lelyline. Pas dan kinne wy goed de winske ûntwikkelrjochting bepale, dy't wy oan jimme as gemeenteried foar beslútfoarming foarlizze wolle.</p> <p>Us ynhâldlike reaksje:</p> <p>Wy sjogge it Deltaplan graach los fan 'e komst fan 'e Lelyline. In mienskiplike ûntwikkelaginda tusken it Ryk, de noardlike provinsjes en de gemeenten moat net ôfhinklik wêze fan 'e komst fan 'e Lelyline. Troch de Lelyline wurdt de (ynter)nasjonale berikberens fan Noard-Nederlân better. Dat biedt kânsen foar nije wurkgelegenheid en it oanlûken fan nije ynwenners.</p> <p>Wy fine it fan grut belang dat de ferbiningen fan it iepenbier ferfier fan en nei kearnen yn ús gemeente goed en fluch oanslute sille op 'e stasjons dêr't treinen op 'e Lelyline stilhâlde. Dan kriget de Lelyline pas mearwearde foar ús gemeente. Ofhinklik dêrfan kinne wy ús oriïntearje op 'e winske ûntwikkelrjochting en de dêrby hearrende stedske kwaliteit.</p> <p>Wy hawwe meardere kearen oerlein mei de provinsje, sawol bestjoerlik as amtlik. Dat oerlis is yn febrewaris begûn mei in plenêre ynformaasjegearkomste foar gemeenten. De presintaasje dy't dêr jûn is, fine jo yn 'e bylage. Dêrnei hawwe wy ien op ien mei de provinsje oerlein. Wy wolle mei de provinsje yn oerlis bliuwe oer it Deltaplan en de komst fan 'e Lelyline, en mei de oare Fryske gemeenten en provinsje oplûke.</p>
2.	<p>Rol gemeenteried</p> <p>Is it Kolleezje ek fan doel, mei it each op de mooglik yngripende konsekwinsjes én mei it each op de deadline fan 1 maaie, de bydrage fan SWF oan it Deltaplan foar definityf ynstjoeren oan de Ried foar te lizzen foar beslútfoarming? Sa ja, wannear kinne wy de stikken yn 'e mjitte sjen? Sa nee, wêrom net en hoe wurdt de Ried dan al op de hichte steld fan de ynstek fan ús gemeente, om dat eventueel te agindearjen en rjocht te dwaan oan de lokale demokrasy? Hat it Kolleezje in foarbehâld 'goedkarring troch de ried' makke?</p>
	<p><u>Antwurd:</u></p> <p>De falbile foar in earste ferkenneende reaksje wie 12 maart. Om't wy jimme as gemeenteried net goed by it beäntwurdzjen belûke koene, hawwe wy de fragen yn haadlinen beäntwurde. Sa is der foar jimme as gemeenteried alle romte om sêls karren te meitsjen. It fierdere proses en de wize hoe't de algemiene bestjoeren fan 'e belutsen oerheden belutsen wurde by it Deltaplan binne ûnderwerp fan petear en fan 'e beslútfoarming yn it BO MIRT (Ryk en belutsen provinsjes). Sadree't wy mear witte, sille wy jimme ynformearje hoe't wy jimme belûke sille. It Deltaplan giet nammentlik oer de takomstige ûntwikkeling fan Noard-Nederlân en dus ek oer dy fan ús gemeente. Jimme sille as ried oanjaan moatte hokker kant jimme út wolle.</p>

Tuskenantwurd (as it fan tapassing is):